

De SUC-saak en de bonken fan Brongergea

In Ale Alema-mystearje

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 291 5

1e druk 2011

© 2011 Jan Schokker

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel of rjochtstreeks
by de útjouwerij:

Utjouwerij Elikser B.V.

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Postbus 2532

8901 AA Ljouwert

Til: 058-2894857

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra

Foarmjouwing omslach: Jan Schokker

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaand schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

De SUC-saak en de bonken fan Brongergea

In Ale Alema-mystearje

Jan Schokker

*Foar myn bysûndere âlden, Knilles en Geeske, foar
Sjoeke, Kor, Harm en Geertje en foar Jitske. Myn coach.*

1

Haadresjersjeur Ale Alema hat in frije dei. No ja, sa neame se in dei wêrop't jo net nei it wurk geane. Foar Ale is it gjin frije dei, it is in ûngewoane wurkdei. Ale hat in beslút naam, der moat wat barre! Sa kin it net langer!

Hy moat noadich wat oan de grientetún dwaan, de hynstehokken moatte ris goed skjin, krektlyk it hok foar de trije keallen fan Ale en it hinnehok is in golfplaat fan stikken. En einlik moat er ek ris begjinne mei it farvewurk. De keezinen hie in buorjunge foarich jier al dien en hy soe sels de doarren en de goaten wol dwaan mar dat is der by bleaun.

De trijenfyftichjierrige Ale wennet yn Bontebok oan de feart yn in lyts pleatske. Twa grutte kastanjebeammen lizze moarns moai wat skaad oer it spultsje. De grientetún, dêr't Ale no oan it wurk is, leit oan de westkant en hat net folle skaad. Hûn Abe, de blau-grize stabij, leit yn it skaad fan in boekehage. It is noch gjin njoggen oere, mar de sinne brânt deryn. Ale skuort de ûnkrûdplanten, dy't grutter binne as it slaad, derút en betinkt dat er dus better wat langer wachtsje kin mei it wjudzjen. No kinst steande wei it ûnkrûd der útskuorre. Oars moatsto troch de knibbels en hast minder hâldfêst. As Ale de rûchte yn it bêd mei biten sjocht, giet er rjochtop stean. Wat binne no de biten? It is july, dat it guod hie oars al moai op hichte wêze moatten. Soe der sykte yn sitte? Wêrom siet der noait gjin sykte yn ûnkrûd? Hy besjocht de rûchte mar kin

gjin biten ûntdekke. Ale wit it efkes net en begjint in sjekje te draaien. Hy is ek net in túnman. Syn frou Els hie it moai wurk fûn mar Els wie stoarn oan in hertoanfâl, krekt in pear moanne nei't sy byinoar wei gien wienen. Dat wie no ek wer in pear moanne lyn. Wêrom't Ale dochs oan de tún begûn is, wit er eins net mear. Earst miskien om't der noch hoop wie op har weromkommen, letter hie it mear ta eare fan har west. Miskien ek wol om't Ale it gefoel hie dat Els nei him seach, him yn 'e gaten hold, op him paste. Dat gefoel wie der al net mear mar hy miste har noch alle dagen. De skieding hie sear dien, dochs de lilken hie it ferdôve.

De lêste wiken leit Ale hast alle nachten lang wakker. Selsferwyt en ûnwennigens meitsje him labyl en hy drinkt ek tefolle. En it rint op. Fan fiif romers mei jonge jenever nei hast in heale liter. Earjusterjûne hie de flesse leech west nei fiif gleskes. Doe't er fierder gjin drank mear fine koe yn kelder en kasten hie Ale fan lilken de romer mei de lege flesse stikken slein. It glês fan de romer hie oan grús west. Gjinn lytse stikjes glês, mar al linne in lyts heapke glêsgrús hie der oer west, sa grut hie de kracht west dêr't it mei stikken slein wie. Ien en al opkroppe lilken en machteleazens.

Skrokken en beskamme wie Ale der útflein, it hiem oer nei it kampke lân. It Fryske hynder, Keimpe, hie de snút by Ale yn 'e hals drukt, as krûp, as treast. Better terapeut as Keimpe is der net, want nei njoggen minuten prakkesearjen kloppe Ale Keimpe yn 'e hals en die in tasizzing:

‘Dit sil oars Keimpe!’

Brongergea is sûnder mis it moaist bewarre stikje Oranjewâld. It liket weistoppe efter it statige Oranjestein en miskien is it dêrtroch oer de kop sjoen by it gearstal-

len fan listen mei wichtige monuminten. Der binne wat nije smetten, mar fierder is Brongergea in suvere miks fan it stylfolle mei it gewoane. It tsjerkhôf mei de klokkestoel, de pleatsen en huzen, de âlde beammen, it útsicht op landerijen, bosk en Belvédère. It is in streek om yn fuort te dreamen nei it rike ferline of om it lok te fielen om der te wêzen, te rinnen, te libjen.

Elektrisiens Arie Postma en Klaas Dokter sille dizze dei oan it wurk yn ien fan de âlde wenningen fan Brongergea. Der moat in kompleet nije ynstallaasje yn en dat is net samar wat. Hoewol't elektrisiens oer it generaal romantyske minsken binne, ha sy dizze moarn gjin each foar de sfear.

Sy begjinne alle wurkdagen mei in bak kofje. Earst om har hinne sjen. In oanloopke nimme, wat ynrinne foar in hiele dei yn it ynstallaasjewurk. De manlju wurkje hurd mar moatte earst op gong komme, krekt diselmotors. Yn 'e nijbou giet dat wat handiger as wannear't de manlju by in partikulier oan it wurk binne, lykwols hat dan de termosflesse yn it folksweinbuske al iepen west. Hjir yn Brongergea dêr't in moai klassyk hûs totaal ferboud wurdt, begjinne de manlju ek mei in bakje. De timmerlju yn harren eigen keet, de elektrisiens op harren wurkplak.

Timmerman Jurjen Bek wie foar sânren al oan it wurk en begjint te driuwen:

'Lûk no earst dy kabel ûnder de flier troch nei de meterkast dan klap ik de flier ticht! Dêr komt in nije wand, krekt oer dat lûk.'

'No no no, der kin al net iens mear in goemoarn ôf!' prottelet Klaas, 'froeger koe dat folk omraak ouwehoe-re, se wurde ûnferskillich.'

Jurjen Bek seit neat, gnysket as wie it in senuwtrek en

rint fuort. Arie sil derút om dochs earst mar ûnder de flier, mar dat wol Klaas net lije.

‘Earst in bakje ju, lit dy net gek meitsje. Kinst dy Jurjen al langer, of net? Lit him in swimbân oanskaffe, dan kin er driuwe!’

Letter seit Klaas: ‘Syn omke wie in hiel oar man. In pandekker! Bonne, Bonne Bek! In apart man, mar hy koe geweldich moai fertelle.’

Arie hat it ferhaal al ris earder heard.

‘Ja, Bonne Bek.’

‘Dat wie sa moai as Bonne ek yn de skaftkeet siet. Ik sjoch him noch sitten. Altyd in iismûtse op ’e holle, winters en simmers. Twa trompkes by him mei achttjin stikken bôle en in apel, in termosflesse kofje en in liter poeiermolke.’

Klaas libbet him hielendal yn en glimket as hy fan de waarme kofje drinkt.

‘Dat wie o sa bysûnder no, it wurkfolk mei-elkoar yn de skaftkeet. Dan kamen de fertellers, de narren, de humoristen oan it wurd.’

‘Der waard ek wol faak omseurd!’ bringt Arie der tsjinyn.

‘Ja, sommigen koenen allemachtich seure, mar dat seuren hie ek wol wat. Oarspronklik seure is ek in fak! Mar oer Bonne Bek...’

Arie hoecht it ferhaal oer Bonne net te hearren en besiket it praat op in oar ûnderwerp te krijen:

‘No, seure? It wie eins mear kankerjen. Kankerje op de baas, op it waar, op it wiif thús, krekt as justerjûn op televyzje...’

Jelle Hoks, de oare timmerman komt mei in plaat hout de keale keamer yn.

Hy seit fleurich:

‘Moarn, manlju! Earst in noflik bakje? Sis, soenen

jimme fan 'e moarn earst dy kabel ûnder de flier nei de meterkast lûke wolle? It lûk moat ticht en dan kin der earst net ien mear by.'

'Dogge we!' seit Klaas spontaan, 'sjoch, efkes gewoan fatsoenlik freegje en klear komt it!'

Arie hellet in looplampe út it buske, Klaas docht syn overal oan en sjocht troch it lûk. Sa te sjen is it dêr aardich droech en hy hat sa'n 75 sintimeter romte. Dat is ek wol ris oars.

As it snoer fan de lampe útrôle is en de pit troch it lûk oanrikt is, ropt Arie nei Klaas:

'Trefst it wer, moai wat krûpromte en gjin wetter ûnder de flier. It sân liket wol moalich, in wûnder want rûnom is it aardich wiet en...'

'Wêr leit dy kabel?' freget Klaas earne fier wei mei in smoard lûd.

Arie sjocht troch it lûk.

'Moatst better sykje! De kabel leit oan 'e foarkant fan it hûs!'

'Foarkant fan it hûs?'

'Ja, op it suden. Moatst sjen wêr't de sinne stiet!'

'Smoar do, Arie aaklikσμα!' prottelet Klaas, 'kin ik de oare kant wer útkrûpe. De knibbels dogge my... Wat is dit?'

It bliuwt in skoft stil ûnder de flier en Arie sil de holle wer troch it lûk stekke om te hearren oft Klaas wat fûn hat, mar dan komt der in nuver lûd ûnder de flier wei. Fan it punt ôf dêr't Klaas siet nei it lûk ta is der hieltyd in bonk tsjin de houten balken fan de flier. Klaas komt as in tornado ûnder de flier wei en klapt mei de rêch tsjin elke balke dy't hy tsjinkomt. Hy is mei in pear halen troch it lûk, sjocht as in wylden om him hinne en is dan samar yn trije stappen yn 'e bûtenloft. As

Arie skrokken nei Klaas sjocht, kin hy syn maat eins net werom. Hy is sa wyt as in deaden, hat eagen yn de holle as bosters en is nuer oerstjoer. Hy wiist nei de ûnderkant fan it hûs en wol wat roppe mar der komt gjin lûd út de mûle.

‘Wat hast sjoen?’ freget Arie ûngerêst. Hy hat syn maat noch nea sa meimakke. ‘Lei dêr wat yn it sân?’

Klaas knikt mei de holle as moast er oalje nei boppen pompe: ‘Graamte!’ komt der sunich út.

Arie snapt der neat fan mar dan herhellet hy it wurd: ‘Graamte? O, geramte. Wat, nee dochs? Geramte? In stoflik omskot?’

Wytske de Boer, haad fan it resjerzjeteam fan it buro fan It Hearrenfean en kollega fan Ale Alema, stiet tsien minuten nei’t Arie Postma de plysje belle hat, tsjin de beide elektrisiens oer. Arie Postma docht it wurd. Klaas Dokter sjocht noch like skier, sit op in stobbe en sjocht foar him út as wie tiid en tinken ophâlden.

Wytske kin net oars as de manlju ûnderfreegje. Sy moat wachtsje op it ûndersyksteam en wiist nei Klaas.

‘Jo maat is der aardich ôf.’

‘Dat sil ik jo sizze,’ seit Arie en skoddet de holle, ‘sa ken ik him net. Hy is oars sa wis as in skoalmaster, yn alles! Is noait yn panyk, hat oeral in oplossing foar, set technyk en minsken nei syn hân en dat allegear mei fleur en faasje. Gewoanwei hat Klaas alles en eltsenien ûnder de knoppen fan in ôfstânsbetsjinning!’

Arie sjocht nei syn maat en hellet in hân troch it hier. ‘Dit ha ik noch net mei him meimakke. Ik wit net, dit lit in hiele dikke kras by him efter!’

Wytske sjocht nei Klaas en rint nei him ta. It liket as hat hy no neat mear ûnder de knoppen. Sy leit him in hân op it skouder. Hy skrikt as hie sy him stutsen, sjit

efteroer, sjocht Wytske oan mei grutte bange eagen,
lit him oer de side rôlje en draaft fuort. Hy is samar
om de hoeke fan it hûs en gjin fiif sekonden letter rydt
it ynstallaasjebuske yn in fierstente lege fersnelling
Brongergea út, rjochting Ketlik of Mildaam.

2

Ale Alema is de oare moarns al betiid op it buro. De ûngewoane wurkdei hat him goed dien. It wie in toer om it fol te hâlden. Hoefolle kearen hied er net betocht om dochs mar wer nei it plysjeburo te gean foar in saak dy't net wachtsje koe. De luie helte fan de harsens betocht wol tweintich ekskuzen om wat makliks te kiezen, mar de tún seach der hieltyd kreazer út en dat joech in goed gefoel. Foar trijen hie Ale de grientetún op oarder, de bokehagen kante en it gers meand en waard sels de luie kant fan de harsens entûsjast. Foar fiven wienen de stâlen skjin en doe soed er noch in nije golfplaat op it hinnehok sette, mar ynienen wie de akku leech. Efkes op de bank lizze, tocht Ale, mar hy waard om fiif oere de oare deis wakker. Mei pinekop yn de luie kant fan de harsens en in seare rêch, mar fierder sa fris as wat en sa hied er al hiel betiid oan in brochje sitten.

Tsjin njoggenen komt Wytske it kantoar yn by Ale en docht it ferhaal fan de bonken fan Brongergea. Wytske kin moai fertelle fynt Ale en hy genietet fan it ferhaal oer de elektrisien dy't it stjoer kwyt is en útnaaid is. Wytske falt it op dat Ale hjoed oars as oars is. Oars as de lêste moannen, want it hie krekt west as rûn Ale mei in stien ûnder de earms om, of tûge er op swiere skuon. Tryst en soarchlik moast er troch de dagen wrotte. Sa like it en dat wie te begripen, mar it makke it dreech om der mei om te gean. Wytske wist dat Ale te folle dronk. Sy rûkte it moarns wol en Ale

seach der út as in swalker. Twa kear hie sy der wat fan sein, mar Ale reagearre dêr net op. Nearne op.

Wyske is bliid foar Ale, mar begrypt de feroaring net. Hoe kin soks? Ynienen betinkt sy wat. Soe hy wer in frou moete ha? Foarsichtich freget sy:

‘Ken ik har?’

Ale tinkt nei oer Brongergea en graaft yn de skiednis. De fraach heart er net. Sa’n stoflik omskot ûnder de flier, hoelang hie dat dêr lein? Waard der immen fermist? It is in nijsgjirrich ferhaal. Wa wenne dêr? Dat freget er Wyske. Sy hie dat fansels al ûndersocht.

‘Sy wienen mei in ferbouwing dwaande, seidesto. Foar nije of de besteande bewenners?’

‘Foar nije bewenners. Wachtsje, ik helje myn laptop, dan krigest it hiele ferhaal, mar it is myn ûndersyk, hear.’

Wyske sil it kantoar útrinne mar draait har wer werom nei Ale.

‘Sjochst der goed út!’

Ale sjocht ferheard, gnysket dan en seit:

‘O? Ja? O, tanke!’

‘Hast ien troffen?’

Ale lûkt wat tearen yn ’e holle, dat Wyske seit gau:

‘Nee, lit mar. Ik helje de laptop.’

Ynienen stiet Heine Hanssen by Ale yn it kantoar. Kommissaris Hanssen, baas fan it plysjeburo fan it Hearrenfean hat him al in hiel skoft foarnaam om ris mei Ale Alema te praten. Hanssen makket him soargen. Hy wit wêr’t de oast sit en dan is it te begripen dat syn earste speurder net optimaal funksjonearret, mar miskien moat hy helpe of bystjoere. It liket wol as is Alema swier oan de drank. Ien kear hat er it ek rûkt. Dat kin in kear barre, mar Hanssen werkent dingen fan syn heit. De man moast trauma’s – oprûn yn ’e

oarloch – ferwurkje en hy socht help by de flesse.

‘Moarn, Alema!’

Ale bromt ek sokssawat. Hy hat in hekel oan Heine Hanssen. De man wit alles better, is in miereneuker, hat fierstente glêde skuon oan en der hat in kwestje west tusken Hanssen en syn Els, nei’t sy al by Ale wei wie. En dat is nea útpraat. Heine Hanssen sit der bot mei, docht syn bêst om wer goede maten te wurden mei Alema, wol it ek graach útlizze en útrate, mar dat moat mar krekt sa útkomme.

‘As jo tiid ha Alema, dan soe ik wol in petear mei jo ha wolle, skikt dat?’

Hearkens, tinkt Ale, hy wol in ‘petear’. Dat betsjut yn de fokabulêre fan Hanssen net mear of minder as fan gedachten wikselje oer takomst en regeltsjes. Geswets yn ‘e romte, âldwivepraat. Ale hat der gjin nocht oan. Yn de tiid dy’t Ale noadich hat om in ekskús te sykjen, makket Heine Hanssen de ôfspraak:

‘Om healwei ienen brûke wy de lunch by Keizer fan Paul Kruger. Ik sil in taffeltsje fêstlizze. Ik sjoch jo dan! Alema, moaie moarn noch!’

Wyske tikket rap de toetsen fan de laptop yn en docht ferslach.

‘Justermoarn, tsjin achten binne de elektrisiens Arie Postma en Klaas Dokter oan it wurk yn in wenning oan de Marijkemuoiwei, pleatslik better bekend as Brongergea. De wenning wurdt hielendal ferboud troch in pleatslike oannimmer foar de famylje Houk – De Vries fan Hoarn. De elektrisiens moasten in kabel lûke nei de meterkast. Klaas Dokter fynt om sirka seis minuten oer achten in stoflik omskot ûnder de flier yn it droege moude sân. Arie Postma hat ús belle om 8.10 oere. Ik wie der om acht – punt – njoggentjin

oere. Wy ha de bou stillein. Dat gie ûnder protest fan de timmerlju en de eigners. De pleatslike oannimmer wie der wol bliid mei, want hy hat it smoardrok. De timmerlju kinne oars wol teplak. De technyske tsjinst wie der om kertier foar njoggenen.'

Wyske lûkt in hân troch it hier en draait de laptop nei Ale.

'Sjoch, in foto fan it 'graamte' sa't de timmerlju seinen.'

Ale skrikt fan it byld. It liket nuver of miskien ek net. Dit is net in lyk sa't sy wend binne mei it plysjewurk. Dit is allinne in skelet. Bonken, in ribbekast en in skedel. Hy moat skerp sjen. De skedel is it dúdlikst te ûnderskieden, dan falle de ribben fan it omskot op en it liket as stekt in bonke, fan wat in skynbonke west hat of sa, út it sân wei omheech.

'Wol in hiel neaken omskot! Gjûn oerbliuwsels fan klean of oare resten? Wat hast fierder fûn?'

Wyske lûkt it skerm fan de laptop wer werom en sjocht mei ien each oer it skerm nei Ale.

'Neat, teminsten dêrûnder de flier noch net. Yn oerlis mei Bauke Tuining fan de TT litte wy it earst fiksearje. Sy ha maten naam en foto's en dat like my foldwaande, mar Bauke wol neat oan it tafal oerlitte. De minsken fan de TT binne op 't heden sa bang om flaters te meitsjen. Lit stean as der letter noch ris in 'Cold Case'-team oerhinne giet.'

Ale fynt dat sy gelyk ha, mar hoe moat men soks 'fiksearje'? Hy freget:

'Hoe wolle sy soks byelkoar hâlde, want dat sille jimme bedoele mei fiksearjen? It hûs der omwei brekke?'

'As it moat, mar earst is it foldwaande om de houten flier der foar in part út te heljen. Dan skowe sy in

aluminium plaat ûnder it sân en it stoflik omskot en tille it der yn syn gehiel út.’

‘Hm,’ bromt Ale. Hy sjocht it noch net sa sitten.

‘Wa wenne dêr eartiids?’

‘In famylje Van Seijst. Sy ha der sa’n fyftjin jier wenne. Om krekt te wêzen... Efkes sjen.’

Wytske skoot mei de mûs fan de laptop.

‘Hjir, famylje Van Seijst, sy ha der sechtjin jier wenne. Man en frou Van Seijst binne stoarn. Koart efterelkoar. Der binne twa bern. Fan ien ha ik in adres yn Amsterdam, mar der is net ien thús. Op fakânsje, tinke de buorlju. Ha fierder gjin kontakt mei de minsken.’

Wytske rôlet in eintsje efterút mei de burostoel, lûkt de stoel dan wer werom en linet mei de oare earmtakke op it buro.

‘Dêrfoar wenne de famylje Fromer der. Dat wie fan 1938 ôf. Jaakje en Piet Fromer hienen acht bern.’

Ale sjocht nei de tiid, ûnderyn it kompjûterskerm fan de eigen pc. Tsien oere soe er yn Ljouwert wêze.

Ale giet stean en skoot de burostoel ûnder it buro. Tsjin Wytske seit er noch:

‘As jo dy keale bonken sa sjogge yn dat moude sân, dan is dizze persoan net de ôfrûne wike stoarn, lykwols soe ik de bonken ek op fingertaasten ûndersykje litte.’

Wytske skrikt.

‘Wat woest dêrmei suggerearje?’

Ale gnysket.

‘It soe net de earste kear wêze dat boufakkers ûnder elkoar fiten úthelje. Miskien woenen sy dy elektriciens wol efkes narje, skrokken sy fan de reaksje en it feit dat de plysje der byhelle is en sizze sy neat.’

‘Dat sil dochs net!’

Wytske is der ôf. Sunich seit sy:

‘Ik ha in ôfspraak makke mei Piet Fromer. Hy is al oer de njoggentich en sit yn ’e Miente, op ’e Gordyk. Mar ik sil earst nei de boufakkers.’

By de doar sjocht Ale nochris nei Wytske. Meastal freget sy wêr’t Ale hinne giet, oft hy de telefoan wol by him en oanstean hat, mar Wytske stoareaget allinne mar nei it kompjûterskerm. Sy miende dat de moaie puzel oplost wurde moast, mar dit soe samar in stomme grap wêze kinne. Uteinlik wist Wytske it ek wol: Sa faak wie it yn dit wurk oars as it like. Selden in blaudruk, noait in kopy mar meastal hiel oarspronklik en dat koe dus ek ôffalle.

As Ale troch de gong rint falt it each op it publikaasjeboerd. Earder seach hy der altyd op, mar de lêste moannen hie de persoanlike ellinde foar tunnelsicht soarge. Tsjinslaggen as eachkappen. Of seach hy wol om him hinne, mar wie der gjin prikkels om it te registrearjen om’t der yn himsels tefolle omstutsen waard?

Wat opfalt is in grut plakkaat foar in wurkûnderbrekking. Stake foar mear lean en bettere wurkomstannichheden. Wie it al net oplost mei it bûn? Ale hat it wol meikrigen fan it lanlik nijs, mar dit kaam tichteby. Moast hy ek stake? As Ale de datum sjocht, docht bliken dat it plakkaat acht wiken ferrûn is. Soe hy ek mear lean ha? Dochs ris neisjen.

Underop it boerd steane meastal wol ien of twa ‘balcken’. Wytske is der mei begûn. One-liners sa as de fynst fan Kennedy: ‘Ich bin ein Berliner.’ Wytske tinkt en skriuwt Frysk en betocht ‘balke’. Dat is wat in steviger wurd as ‘line’. Yn de Fryske taal ha wy al genôch fan dy nichterige, sêfte wurden. *Smeitsje, fjochtsje, sêft,*

winke, sjitte, riuwe, moatte, ploaitsje, piuwe, loaitsje... En it wurd *efkes* moast hielendal ferbean wurde! Nee, ‘balke’ is better, it is oarspronklikker. Boppedat kin in balke dan ek fan alles wêze. As it mar in balke mei in punt is, in skerpe punt dan.

No steane der trije op yn twa ferskillende hânskriften. Twa balken binne fan Wytske, dat sjocht Ale sa:

‘De bêste skippers ha in eigen wâl.’

En: *‘Dêr’t fjoer is mei wol smookt wurde.’*

De tredde liket fan brigadier Aaltsje Brúnsmâ te wêzen:

‘Al binne wy gjin artysten, wy moatte wol faak optrede.’

Ale hat dizze dei wat balstjoerichs, miskien is der sels sprake fan in goed sin. Hy sjocht om him hinne, pakt de filstift en skriuwt in eigen balke. As de tekst der op stiet, docht er in stap efterút om it resultaat te skôgjen. Wêr’t hy it wei hat wit er net en miskien is it ek net sa’n bêste balke, mar der stiet wat. Hy fynt it sels wol aardich. Ynienen stiet Heine Hanssen neist Ale.

‘Jo tinke it selde as ik, of net Alema? It is allegear nochal datearre dat hjir hinget. Ik miende dat Wytske dit ûnderhâlde soe en dan dy balken?!’

Heine Hanssen wiist mei ôfgrizen nei de balkegrapes.

‘Soks past net yn myn plysjekorps! Huh? Wat stiet dêr no?’

Heine Hanssen docht in stap nei it boerd ta en lêst de kreaasje fan Ale lûdop:

‘De minste bazen ha in baas frou.’

Ale stiet te gnizen, mar fernimt ynienen dat hy mei de filstift stiet te tyspeljen. Hy stekt it ding rap yn de bûse, winsket Hanssen in moaie moarn, nimt yn seis stappen de trep en springt hastich yn de folkswein Transporter.